



LESBRIEF



De Freon

I.E. Bloem – tekst | Afûk, 2023 | ISBN 9789493318199

| paperback | 144 siden | Leeftiid: 12+

YNHÂLD

Oer it boek	1
Koarte ynhâld	1
Oer de skriuwer	1
Prate oer it boek	2
Oan de slach	2
PRATE	<i>rûntepetear</i>
SKRIUWE	<i>mail</i>
UNTWERPE	<i>meitsje in útnûging</i>
SPULTSJE	<i>lêsbingo</i>
Wurkblêden	5

OER IT BOEK

Krekt as syn roman *It neidiel fan 'e twivel* spilet ek dizze jeugdroman fan I.E. Bloem him ôf yn coronatiid. Dy perioade hat fan grutte ynfloed west op de jongeren dy't dit boek lêze sille. Ommers, prosintueel hawwe dy jierren in grut part fan harren libben west. Boppedat hat in part fan de learlingen learefterstân oprûn yn dy jierren. Ek hat der sosjaal in rem west op freonskippen, leafdes en groepsfoarming.

It ferhaal begjint mei feart, de lêzer sit der fuortendaliks yn. De fertelperspektiven binne dy fan Jeroen, syn (hast) eks-freondinne Emma en Samira. Dat jout in hiel oare blik op deselde foarfallen en hâldt de lêzer skerp en nijsgjirrich. It spilet him ôf yn in hiel koart tiidsbestek fan inkelde dagen, wêryn't in hiele protte bart. Neist it haadûnderwerp, it feest, spilet der in protte yn de libbens fan de jongeren. Prille leafdes, in coming-out, oanwêzige of just ôfwêzige âlders, takomstplannen, seksueel misbrûk en freonskip.

KOARTE YNHÂLD

Jeroen en syn freonen kinne yn coronatiid wol wer ris in feest brûke. Hûndert minsken binne útnûge! Allegearre learlingen út de eksamenklasse fan harren skoalle. In dj sil muzyk draaie. Wêr kin soks better as yn it bosk, dêr't fierder gjinien him yn it donker sjen litte sil? Hielendal net no't soks ferbean is fanwegen de jûnsklok. Elkenien dy't komt betellet in lyts bedrach, Jeroen hat berekkene dat hy der in moai bûssintsje oan oerhâlde kin. Emma komt fansels ek. It is dan wol sa goed as út tusken har en Jeroen, mar se wol wითhoegraach wer ris útgean mei har freondinnen. Fral no't se oan har freondinnen en âlders krekt har grutte geheim ferteld hat. Emma falt op famkes, ien fan har freondinnen hat regele dat ek Dami komt, it famke dêr't Emma stikem in eachje op hat. De fierder noch ûnbekende Samira wit ûnderwilens noch net oft se wol nei it feest ta mei, Jeroen hat sa subtyl mooglik dúdlik makke dat er hiel graach wol dat se komt. Mar... it feest rint al gau hiel oars as ferwachte. De learaar Ingelsk blykt hielendal net sa freonlik te wêzen as er him foardocht. Der komme gasten dy't net útnûge binne... En hoe sit it mei dy oanrander dy't aktyf is yn de bosk?! It gefaar loert tusken de beammen.

OER DE SKRIUWER

Libben en wurk

Jan Minno Rozendal (1979) is berne yn De Westereen en groeide fan syn tsiende ôf op yn Bûtenpost. Hy is skriuwer en hat skiednis studearre oan de Ryksuniversiteit Grins.

Op syn achttjinde hie Jan Minno al ris in koart ferhaal foar in bondel fan de Kristlik Fryske Folksbibleteek (KFFB) oanlevere. Om better te wurden yn it skriuwen folge er kursussen. Hy skriuwt syn boeken foar jongeren ûnder it pseudonym I.E. Bloem, omdat it hiel oar wurk is as de boeken dy't hy foar folwoeksenen skriuwt. Boppedat jout er oan net graach yn it middelpunt fan de oandacht te stean. *It neidiel fan 'e twivel is syn twadde jeugdroman, yn 2020 kaam de earste út, Eudaimoania.*

By de priisútrikking fan de Simke Kloostermanpriis makke er bekend dat er wurke oan in nij boek foar jongeren, mei as wurktitel *De freon*.

Syn debútroman *Drift* kaam út yn 2017. Yn 2018 ferskynde syn twadde boek, *De Fluchste Blanke*, krekt as *Drift* in histoaryske roman, dy't him ôfspilet om de Twadde Wrâldkriich hinne. Yn 2018 kaam in biografy út fan de dichter en Fryske strider Anders Minnes Wybenga.

Yn 2022 ferskynde *De Masine*, in roman dy't los basearre is op Johan Wardenier, de útfiner dy't in soad omtinken luts mei in motor dy't amper brânstof nedich hie.

De Freon is de tredde Young Adult-roman fan I.E. Bloem. Mei *It neidiel fan 'e twivel* wûn de skriuwer yn 2022 de Simke Kloostermanpriis foar it bêste Fryske jongereinboek.

Jannewaris 2024 is – diskear ûnder syn eigen namme – LêsNo-boek *Tie/Break* útkommen. Dat boek is nei tûzenen learlingen fan it fuortset ûnderwiis gongen as part fan in lêsbefoarderingsprojekt Frysk.

It skriuwen siet der al jong yn: op syn achttjinde hie Jan Minno al ris in koart ferhaal foar in bondel fan de Kristlik Fryske Folksbibleteek (KFFB) oanlevere, te lêzen yn de Afûk-útjefte *Neibroei*. Rozendal hat it skriuwen dan ek fan

thús út meikrigen. Syn heit Anders Rozendal en syn mem Corry Boelens (1946-2022) binne beide skriuwer.

Rozendal is skriuwer/ûntwikkeler fan it skiednisûnderwiis fan in skoallemienskip yn Arnhem. Ek hat er in kommersjeel skriuwburo. Dêrneist wurket er oan in promoasjeûndersyk oer de skriuwer Douwe Kalma.





PRATE OER IT BOEK

It stellen fan de fraach 'Wêr gong it boek oer?' is faak net sa'n produktive wize om mei learlingen oer in boek te praten. Sy witte meast de essinsje net goed te beneamen en ferlieze harsels gauris yn details. In goede metoade om in berneboek klassikaal te besprekken, is ûntwikkele troch de Ingelske berneboekeskriuwer Aidan Chambers. Hy beskriuwt dy yn syn boeken *Vertel eens* en *De leesomgeving*, bondele yn *Leespraat*, Biblion 2012. De *Vertel eens*-oanpak komt derop del dat de learlingen en learkrêft oan 'e hân fan de folgjende basisfragen oer it boek prate, as dat út is:

1. Wat fynst moai/goed oan it boek?
2. Wat fynst net sa moai/goed oan it boek?
3. Wat fynst dreech of ûndúdlik? (Of frjemd, wiene der dingen dy't net kloppen?).
4. Wiene der patroanen/ferbannen? (Dingen dy't hieltyd weromkomme yn it boek?).

Set de antwurden fan de learlingen yn stekwurden yn kolommen op it boerd. Binne der linen te lûken fan de iene nei de oare kolom? Binne der dingen dy't faker weromkomme? Falt in bepaald tema of ûnderwerp op? Learlingen dy't oefenje om in boek op dy wize te besjen, sille letter mear bysûndere dingen opfalle.

OAN DE SLACH MEI IT BOEK

It boek kin ekstra ta libben komme troch allerhande ferskillende ynfalshoeken en ferwurkingsopdrachten. De piktogrammen betsjutte:  = groep,  = twatallen,  = yndividueel,  = tiid dy't noadich is foar de opdracht.

PRATE – rûntepetear



Ynlieding

Lês foar, of lit foarlêze, haadstik 2 oant en mei: '... Alwer sa'n ferstannich fanke. Dy kaam der ek wol.'

Petear mei de klasse

It is al wer efkes lyn dat covid-19 ús yn 'e besnijing hie. Troch corona feroare der yn koarte tiid in hiele protte. Freegje de klasse oft sy noch witte wat der allegearre oars wie yn dy tiid.

Sjoch wat weromkomt út de groep. Folje dat eventueel sels oan mei trefwurden lykas: lockdowns, winkels ticht, siik wêze, karantêne, gjin freonen sjen, online les, jûnsklok, diskusjes oer faksinaasjes en mei mar ien of trije minsken tagelyk op besite.

- Hoe wie de coronaperioade foar dy?
- Fûnsto it dreech, thús les krije? Of just wol noflik?
- Fieldest dy iensum, sûnder freonen om dy hinne?
- Kamen de muorren op dy ôf? Koene jimme it thús wat roaie mei-inoar?
- Koene dyn âlders der wat mei omgean?
- Wie der ûnienichheid oer faksinaasjes yn dyn omjouwing?
- Wat fûnsto leuk oan dy perioade?
- Hasto siik west troch in coronabesmetting? Hoe faak?
- Kensto ien dy't lêst hat fan long covid?
- Tinksto dat der nochris in pandemy komme kin yn de wrâld?

SKRIUWE – mail



Brûk it rûntepetear as ynlieding op dizze opdracht.


Nedich: laptop.

Opdracht: Skriuw in mail oan dysels yn coronatiid.

Ast der middenyn sitst, witst net goed hoelang't de pandemy duorje sil. It wie ûndúdlik wannear't der in faksin fûn wurde soe, hoe faak der in lockdown komme soe en hokker maatregels de oerheid betinke soe. No witte wy dat it efter ús leit. Alles is alwer efkes hielendal gewoan. Mar do bist dy perioade grif net fergetten. Wat soesto tsjin dysels yn coronatiid sizze wolle, no'tsto witst dat it foarbygongen is?

Skriuw in mail oan dysels. Stel dy ris foar, it is wer maart 2021. Wat soesto de 'dy' fan doe fertelle wolle? Miskien wol hoop, moed, tips?

UNTWERPE – meitsje in útnûging



Nedich

Papier, skjirren, âlde kranten en tydskriften, stiften en potleaden

Of: in ûntwerpprogramma op de kompjûter

Opdracht:

Meitsje in moaie útnûging foar in moai feest.

Stap 1

Lês foar of lit foarlêze haadstik 3, oant en mei '... de wurden dy't ik heare woe.'

Stap 2

Beäntwurdzje de fragen yn **wurkblêd 1**.

Stap 3

Meitsje no in útnûging op papier of online mei in ûntwerpprogramma.

SPULTSJE – lêsbingo



Kompetysje wurket faak goed by learlingen. Hielendal as der in lyts pryske oan fêstsit, lykas in tydskrift, in komplimint, pluspunt op de siferlist of in rol drop.

Printsje foarôf de **Wurkblêden 2A oant en mei 2G** út en kopiearje se foar it tal learlingen yn de klasse.

1. Lês foar haadstik 10, de earste twa siden.
2. Diel de **Wurkblêden 2A oant en mei 2G** út.
3. Lês no nochris itselde stik foar, de learlingen moatte de wurden dy't foarkomme op harren Bingoblêd trochstrepe.

Wa't it earst horizontaal of fertikaal alle wurden trochstreept hat, hat Bingo en is dus de winner. Mooglik binne der mear winners tagelyk, wa't it earst Bingo ropt is dan de winner. Ferkearde Bingo? Ferske sjonge foar de klasse, yn it Frysk fansels.

WURKBLÊD 1 - DE FREON

UNTWERPE

meitsje in útnûging

Watfoar feest wolsto jaan? Foar welke gelegenheid? Dyn jierdei? Halloween? Ald en nij? Of samar, omdat it kin en mei? Beäntwurdzje earst dizze fragen en meitsje dan in moaie útnûging.

Fragen

In feest, omdat:

.....

Tema:

.....

Datum:

.....

Dresscode:

.....

Gastelist:

.....

Oanklaaiïng (tink oan bygelyks in diskobal, ballonnen, slingers en oare dekoraasje):

.....

Iten:

.....

Drinken:

.....

Playlist:

.....

SPULTSJE

I.E. BLOEM

lêsbingo

de Freon

TSJUSTER

SÛPEN

FLESSE

MUOITE

SOARES

FINT

DIEDE

STADICHOAN

EANGST

LIBBEN

GLIMKE

DJ

STOKSTIIF

GJALP

RÊSTICH

WRÂLD

FEEST

TELEFOAN

DRANK

JONG-
KEARDELS

WURKBLÊD 2B - DE FREON

SPULTSJE

I.E. BLOEM

lêsbingo

de Freon

JONG-
KEARDELS

STADICHOAN

TSJUSTER

SÛPEN

FLESSE

SOARES

MUOITE

FINT

DIEDER

EANGST

LIBBEN

GLIMKE

DJ

STOKSTIIF

GJALP

TELEFOAN

RÊSTICH

WRÂLD

FEEST

DRANK

SPULTSJE

I.E. BLOEM

lêsbingo

de Freon

FLESSE

MUOITE

SOARES

FINT

DIEDER

EANGST

LIBBEN

GLIMKE

SÛPEN

DJ

STOKSTIIF

TELEFOAN

GJALP

WRÂLD

FEEST

DRANK

JONG-
KEARDELS

RÊSTICH

STADICHOAN

TSJUSTER

SPULTSJE

I.E. BLOEM

lêsbingo

de Freon

DIEDER

EANGST

LIBBEN

GLIMKE

DJ

STOKSTIIF

TELEFOAN

GJALP

RÊSTICH

WRÂLD

DRANK

JONG-
KEARDELS

STADICHOAN

FEEST

TSJUSTER

SÛPEN

FLESSE

MUOITE

FINT

SOARES

SPULTSJE

lêsbingo

I.E. BLOEM

de Freon

DJ

STOKSTIIF

TELEFOAN

GJALP

RÊSTICH

WRÂLD

FEEST

DRANK

JONG-
KEARDELS

STADICHOAN

TSJUSTER

SÛPEN

FLESSE

MUOITE

SOARES

FINT

DIEDER

EANGST

LIBBEN

GLIMKE

SPULTSJE

I.E. BLOEM

lêsbingo

de Freon

DRANK

JONG-
KEARDELS

STADICHOAN

TSJUSTER

SÛPEN

FLESSE

MUOITE

SOARES

FINT

DIEDER

EANGST

LIBBEN

GLIMKE

DJ

STOKSTIIF

TELEFOAN

GJALP

RÊSTICH

WRÂLD

FEEST

SPULTSJE

I.E. BLOEM

lêsbingo

de Freon

STADICHOAN

TSJUSTER

SÛPEN

FLESSE

MUOITE

SOARES

FINT

DIEDER

EANGST

LIBBEN

GLIMKE

DJ

STOKSTIIF

TELEFOAN

GJALP

RÊSTICH

WRÂLD

FEEST

DRANK

JONG-
KEARDELS